


# De Twirre

---



maart 2022



---

Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

---

**De Twirre**, 39e jiergong nr. 1: maart 2022. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 maaie by de redaksje.

## **Bestjoer Freonen Fryske Kultuer**

---

Foarsitter	Siebe Hiemstra <a href="mailto:totzondag@gmail.com">totzondag@gmail.com</a>	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede <a href="mailto:a.hoekstra1@lijbrandt.nl">a.hoekstra1@lijbrandt.nl</a>		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Pier Bergsma <a href="mailto:pu.bergsma1944@gmail.com">pu.bergsma1944@gmail.com</a>		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer <a href="mailto:gpydveer@gmail.com">gpydveer@gmail.com</a>		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus <a href="mailto:grijshengelo@gmail.com">grijshengelo@gmail.com</a>		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo <a href="mailto:lj.bonhof@gmail.com">lj.bonhof@gmail.com</a>		

Webstek Frysk Boun om Utens: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

## **Lid fan de krite**

---

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

## **Fryske sizwizen**

---

- Tusken wurden en de dieden sit in soad romte.
- Ast romte joust, kinst romte werom krije.
- In aai is in aai, sei de jonge, mar ik ha it grutste it leafst.
- Do en ikke moatte inoar wat skikke, sei de kikkert tsjin de earrebarre.
- De loft is blau fan dagen (der is tiid genôch).
- It is better mei de romte te rieden as mei de krapte.

## Belangrike data

---

**sneon 2 april** Jiergearkomste yn boarterstúngbou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Ynrin 13.30 oere. Mei Pieter Jan Borsch fan it Amelân.

**16 sept 2023** Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier!

## De útselde jiergearkomste is op sneon 2 april

---

Op sneon 2 april ha we de útselde jiergearkomste yn boarterstúngbou Boswinkel. We begjinne, sa as altyd, mei kofje/tee en oranjekoeke. Wy sjogge werom op it ôfrûne jier en besprekke de plannen foar de kommende tiid. We sykje ek noch in nij bestjoerslid. Wa hat der nocht oan? Of, wa wit in geskikte man as frou? Dan graach trochjaan oan ús skriuwer Auke Hoekstra. Nei it skoft komt Pieter Jan Borsch fan it Amelân oan it wurd. Hy fertelt hiel spannende ferhalen oer it eilân. Je hingje oan syn lippen. It wurdt in moaie middei. Dus oant sjen op 2 april!

## Famylje berjochten

---

Op 28 novimder is ús kritelid Wim Wesselius stoarn yn de âldens fan 89 jier. Wesselius en de frou wiene op alle kritejûnen oanwêzich en se giene ek graach mei op reis. Op 14 febrewaris is Piet Visser stoarn yn de âldens fan 69 jier. Piet wie sûnt de jiergearkomste fan 2020 ponghâlder fan de krite. Spitigernôch waard hy troffen troch in hiele slimme sykte.

Op 16 febrewaris is Dick Eringa stoarn yn de âldens fan 76 jier. Dick wie de man fan Joukje, dy't ek bestjoerslid west hat. De sûnens fan Dick gie al in skoft achterút. Us meilibjen giet út nei alle neisten, dy winskje wy folle krêft ta foar no en foar de kommende tiid.  It bestjoer



## Wenningruil

---

Sybren wennet efter yn Marchje'steech mei de Trijegrappel foar de glêzen, dêr't it tilt fan rotten en oare ûnhuerichheden. "Safolle gif is der noch net mongen dat by steat wêze soe om dat naasje út te roegjen."

Sybren sprekt fan syn wente en is gauris op'e tekst wat er der foar en nei net tsjinoan smiten hat. "Goed, der komt gjin sinne yn. Dat hat ek wat foar. By 't simmer hoecht Roelfke net mei sinneskermen te stean."

Sybren seit dat der yn de julymoanne gjin koeler keamer is as harres op it hiele doarp. Pal op it noarden en ek noch deun oan it wetter. "As in oar net wit wêr't er it sykje moat fan 'e hjitte, komt ús gjin waarmte benei." No hat Sybren syn hûs yn 'e krante: "Wenningruil". De lêste fjirtjin dagen fan july of de earste helte fan augustus.

Hy wol fjirtjin dagen ruilje mei in hûs yn Gelderlân, leafst net te fier fan 'e bosk. In lân hûs of in frijsteande bungalow kin 't him wol dwaan.

Fan syn eigen hûs seit er yn de advertinsje: "Rustiek gelegen aan vaarwater." No is't ôfwachtsjen hoefolle oft der op Marchje'steech ôfkomme.

□ Paulus Akkerman út "Wat wie 't wat"

## Even puzelje

---

De oplossing fan de foarige puzel wie: foarke, fôle, farsk, fjochtsje, fernuverje, fuorje. No mar ris wer wat mei sprekwurden; yn de measte Twirres stiet wol in rychje en dêr ha jo fêst wol ris wat fan ûntholden. Jo moatte it ûntbrekkende wurd yn de hjernei kommende sizwizen ynfolje. De earste letters fan dy ynfulde wurden foarmje dan fan boppen nei ûnderen de namme fan in lyts doarpke yn de Waadhoeke.

- Doch dyn ..... en lit de lju mar rabje.
- Foar de wyn is ..... in hurdrider.
- Men kin net op ..... foet gean.
- Sa't it knipt is, moat it ..... wurde.
- Net om ..... jaan wolle.

□ Eeke

## Wolkom nije leden

---

As nij lid fan de krite hat har opjûn Annie de Bruin út Gronau. We hoopje dat se it by ús nei't sin ha sil. Graach oant sjen op ien fan ús aktiviteiten.

## Kritejûnop 4 maart by Vrieler: Myn Skip

---

Nei mear as twa jier kin it wer, in kritejûn by Vrieler. It is op freed en it begjint betiid, mar al gau nei sânen rûgelje de minsken binnen. Foarsitter Siebe Hiemstra hjit ús wolkom en freget even oandacht foar twa leden dy't koartlyn stoarn binne. Ald-foarsitter Hendrik Tel begeliedt ús mei syn hoarn by it sjongen fan it Fryske folksliet. De foarstelling fan jûn stiet yn it teken fan it Skûtsje. It toaniel is oankleid mei spullen út it Skûtsjemuseum yn Earnewâld. Ferteller Age Veldboom wit in soad oer de skippen dy't yn it ferline brûkt waarden foar it ferfier fan fracht; terpierde, ierrappels, dong, sân, turf, stien, hout, neam mar op. It wie in drok en dreech bestean, ôfhinklik fan lading, wyn en waar. De skûtsjes waarden earst makke fan hout, letter fan izer. Boeiende ferhalen dy't sa no en dan ek troch Age útspile

wurde. Hy sit oan it roer en it is spannend om ûnder in brêge troch te kommen, sûnder brêgejild te beteljen. Dan moatte earst wol op tiid it seil en de mêst del, in hiel karwei, mar wol fjouwer sinten útsparre. Winters as der iis leit, probearret in skipper jild te winnen by in hurdriderij. Age rydt foar it poadium lâns op syn houtsjes, no ja dy hat er dit kear yn 'e hân. Tsjintwurdich farre de skûtsjes mei groepen foar plezier en simmers binne der de ferneamde skûtsjewedstriden om de Kampioenswimpel. De ferhalen wurde ôfwiksele troch muzyk en sang fan Ella de Jong en Herman Woldman. Ella hat in jurk oan dy't makke is fan in seil. Herman hat de lieten en de muzyk makke. Al mei al in prachtige foarstelling! Nei de ferlotting geane wer hiel wat minsken mei in leuk of lekker pryske nei hûs. □ Ali

### ***Yn it fjild*** (Jurjen van der Meer)

*Yn it fjild is stilte kening  
rêst regeart mei fêste hân.  
Fûgels binne net te hearren,  
krekt as lei de dea oer 't lân.*

*Blommeknoppen binne sletten  
en it sinneljocht is skier.*

*Fan 'e beammen dript de dize  
hjoed liket de maitiid fier.*

*Alles leit sa stil te wachtsjen,  
noch is alles griis en kâld.  
Dochs spat anst de dize stikken.  
En ferriist in nije wrâld.*

## Middei fan it Frysk Boun om Utens 2021

---

Op 9 oktober 2021 binne wy nei in moeting- en ynspiraasje-middei yn Hurderwyk west. It gie út fan it Frysk Boun en it tema wie dizze kear de Waadsee. As sprekster wie Lutz Jacobi utnoege. Frou Jacobi is direkteur fan de Waadferiening. Sy ist berne yn Ketlik (1955). Foar de PvdA hat sy in pear jier yn de Twadde Keamer sitten. Se is in foartreflik fertelster en kin oaren meinimme yn har idealen. De Waadferiening wol de Waadsee beskermje tsjin ûngemak. De Waadsee is de binnensee dy't tusken de waadeilannen en de fêste wâl leit. De see is sawat 450 km lang en tusken 5 oant 30 km breed

en strekt him út boppe Nederlân, Dútslân en Denemark en hat in opperflakte fan sawat 9000 km<sup>2</sup>. Doe't yn de jierren '60 plannen makke waarden om twa dammen oan te lizzen nei't Amelân, kaam in 16-jierrige jonge, Kees Wevers út Kortzenhoef, yn opstân en skreau in ynstjoerde brief oan de krânten. Dat die fertuten, der kaam aksje tsjin dat plan en de Waadferiening waard oprjochte yn 1965. De feriening hat no sa'n 40.000 leden. De Waadsee stiet fanôf 2009 op de wrâlderfgoedlist fan de UNESCO, en dat is goed, want no kinne se ek better juridyske maartregels nimme tsjin misstannen.



## Oandachtspunten fan de Waadferiening

---

Der binne sa'n tsien punten dy 't oandacht krije fan de feriening.

**Fersnippere behear.** Ferskate partijen geane oer it behear, faaks is it undúdlik wa't no echt ferantwurdlik is: regear, provinsjes of gemeente.

**Stiging seespegel** en sakjen fan de boaiem troch gas- en saltwinning.

**Unfeilige skipfeart**, kontainerrampen kinne barre.

**Underwetter natoer;** in soad fisksoarten ferdwinne.

**Ynsnoere Waadsee,** de see moat wer mear frij spel hawwe.

**Klimaat-feroaring;** it eko-systeem komt yn de war.

**Wrâlderfgoedwaarden.** Yn dit gebied fine jo de stilste en tsjusterste plakjes. Troch massatoerisme en bebouwing komt dit alles under druk te stean.

**Fertroebeling,** troch útdjipjen fan geulen en it stoarten fan slib wurdt it wetter fertroebele en komt der minder ljocht en soerstof yn it wetter.

**Smoarge stoffen,** troch yndustry fan de wâl komt der hieltyd mear rommel yn de Waadsee.

**Plastic ôffal.** Troch de moderne wize fan libjen komt in soad plastic yn de natoer telâne en dat driuwt allegear yn de see.

Alles meielkoar is dit in hiele swiere opjefte foar de feriening. Dat kinne se net allinne, nee der moatte wy allegearre oan meihelpe! Dat wie it boadskip fan Lutz Jacobi.

□ Hendrik Tel

### **De boer** (Fedde Schurer)

*Myn hynders ploeije 't wachtsjend lân  
It swit glimt op har glêdde hûd  
Toe mar myn gudzen, dit wurdt goed  
Ik hâld de leijen yn 'e hân.*

*Stil lûkt it stiel fan sleat ta sleat,  
En dêr't it snijt, dêr sakket stom  
De klaai yn klieme krollen om.  
Sa lizze wy de foargen bleat.*

*Hoe spant har krêft de beagebân  
wy rêdde 't meielkoarren wol!  
Straks struit de boer mei hannen fol  
It Fryske sied yn 't iepen lân.*

*Wy ha de kerl yn 'e ierde lein,  
mear kin de boer der net oan dwaan.  
De Sinne moat it soelens jaan,  
De dûnkre rynske wolkens rein.*



## It Brekkenpaad by Aldegea - SWF

---

Aldegea-SWF is in freonlik wettersportdoarp dat je net ferwikselje moatte mei Aldegea-S of Aldegea-FM. It earste leit yn de eardere gemeente Wymbritseradiel, no Súd-West Fryslân. Aldegea-S leit yn Smellingerlân by Drachten en it tredde Aldegea leit yn de eardere gemeente Gaasterlân-Sleat, no Fryske Marren. Safier mei de topografy.

Aldegea-SWF is dus in aardich wettersportdoarp mei in freonlike buertsuper, in moai tsjerkje, in restaurant, in smederij mei fytsferhier, in keunstwurk dat weromtinken docht oan it molkfabryk en in lytse jachthaven mei camping op in prachtich plakje oan it wetter. Sûnder mear, in hiel aardich doarp! Mar de grutste troef fan Aldegea-SWF is sûnder mis it wetter fan de Aldegeaster Brekken, neffens folle minsken de moaiste mar fan de provinsje. Dêr omhinne leit it Brekken-fytspaad, dat ek wol ta ien fan de moaiste fytspaden fan de provinje rekkene wurdt. Wa't oer de Aldegeaster Brekken fart of der omhinne fytst sjocht rûnom oars neat as griene greiden, tuorkes fan doarpen yn 'e fierte, reade buorkerijdakken en wiuwende reiden. Hjir gjin hoarizonfersmoarging. Je komme lâns Syp Set, de ferbining mei de Sipkemar, lâns it Dorismooltsje, in âlde spinnekopmole en troch Nijhuzum, in lyts doarp mei grutte pleatsen. Mei in fytspont kom je oer de Grons, sadat je mei droege fuotten de tocht folbringe kinne. It rûntsje wurdt hielendal folslein as je even ôfbûge nei Gaastmar en dêrnei nei Sânfirden. Brekkenpaad: fanút Aldegea; [www.sudwestfryslan.nl](http://www.sudwestfryslan.nl)  
Bêste tiid: yn'e maitiid en simmer bin der in soad boatsjes en greidefûgels en yn'e winter reidguozzen.

□ Annemarie Bergfeld "200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben"

Wy ha dêr foarige simmer yn de earste wike fan juny fytst fanút Warkum. It wie prachtich sinneskyn waar, we rieden tusken hagen fan bloeiend piipkrûd. Dêr wiene noch stikken *âlderwetsk* bloeiende greide mei bûterblommen, soere surk en read bloeiend gers. We ha genoaten!

□ Ali





## “Under Wetter”, lokaasjeteater fan Tryater

---

Tidens Arcadia en Oerol bringt Tryater in grutte bûtenproduksje op de iisbaan fan Wergea en op Skylge. *Under Wetter* giet oer it grutte oantal iisbanen yn Fryslân, oer iis as ferbining fan de mienskip. Sa gau as it friest, komme we yn aksje om der foar te soargjen dat elk it iis op kin, op redens, mei de slide, rinnend of oars. Mei *Under Wetter* earet it toanielselskip de Fryske tradysje fan it reedriden, mar jout ek oandacht oan klimaatferoaring. Under wetter steande iisbanen dy't no hast nea mear befrieze, meitsje de opwaarming fan de ierde hiel dúdlik. Tryater blaast libben yn de iisbanen as earder moetiingsplak en stelt de fraach: *Hoe*

*no fierder?* Hoe moat it fierder mei de lege plakken dy't eartiids belangrike moetiingsplakken wiene. Fan 12 - 28 maaie op de iisbaan fan Wergea; Fan 10 - 19 juny op Skylge tidens Oerol.

De foarstelling past yn it ramt fan Arcadia, de grutte keunstmanifestasje dy't fan't simmer pleats fynt, in ferfolch op Ljouwert Fryslân Kulturele Haadstêd fan 2018.

Fan 7 maaie oant 14 augustus. Underdielen dêrfan binne û.o.:

BOSK, in stadich rinnend bosk dat hûndert dagen troch Ljouwert giet.

PARADYS, Ynternasjonaal bekende keunstners yn Parklânskip Oranjewâld. IIS, Foarstellingen oer iis as ferbining fan de Mienskip.

## De ezel en de tiger

---

In ezel seit tsjin de tiger: - Gers is blau. De tiger antwurdet: - Nee, gers is grien. It dispút esklearret en se beslute it foar te lizzen oan de kening. Lang foar't se by de liuw binne, ropt de ezel al: - Heechheid, gers is blau, no? De tiger seit dat it grien is. De liuw antwurdet: - Jawol, gers is blau. De tiger wurdt bestraft mei 5 jier stilte. De ezel springt lokkich oerein, giet, en beart oan ienwei: - Gers is blau... Gers is blau... De tiger nimt syn straf oan, mar freget om útlis: - Heechheid, gers is dochs grien? De liuw seit: - Jawis, gers is grien. De tiger freget fernuvere: - Werom straffe Jo my dan? De liuw ferklearret: - It hat neat te krijen mei oft it gers blau of grien is. Jo straf komt út it feit dat it net wêze kin dat in dapper en yntelligint skepsel as jo syn tiid fergriemt mei it argumintearjen tsjin in fanatikus wa't wierheid of realiteit neat skele kin, mar allinich de oerwinning fan syn leauwen en yllúzjes. Sokken binne blyn troch har ego, haat en wrok, en wolle allinnich mar gelyk hawwe, sels as se ferkeard binne.

## Jisterplicht en lyts 15 jier Twirres

---

Begjin febrewaris, twa wike jisterplicht (quarantaine) fanwege it omikronfirus, net siik, dus wat sil ik ris dwaan? Ali wol foar 15 febr. wer kopij ha; wer moat myn puzzeltsje no wer oer gean? Mar wer ris sizwizen oanfulle litte? Foar materiaal kin ik fêst wol wat yn âlde Twirres fine, want de redaksje brûkt faak in rychje as opfulling, tinkt my. En sa begjin ik ris yn dy lêste 58 eksimplaren dy't ik ha (fanôf 2007 doe't ik yn't bestjoer kaam) te blêdzjen en as je dan toch wol de tiid ha, fernuverje je je wer mei al dy lytse ferhaaltsjes en nijsjes en ûntwikkelingen. En doe tocht ik, dan kin ik der ek wol wat foar de lêzers fan opskriuwe, dan is it net hielendal tiidfergriemerij wat ik doch.

By De Twirres yn 2007 foel it my op: se wurde yniens 4 siden dikker, fan 16 nei 20 siden. Ja, it bestjoer woe mear advertinsjes deryn ha, want De Twirre wie - doe ek al - in grutte kostepost. Mar dy advertearders binne der noait kommen. Sels de grutte advertearders sa as Sonnema, de Ljouwerter Krante en de Fryslân Bank soene ferdwine.

Yn't plak dêrfan stiet fanôf 2014 op de achterkant in foto fan in plak yn Fryslân, wer't je fan riede meie

wer't dat is. Dêr ha 'k altyd aardichheid oan. Frysk Museum, Afûk en bakker Wouda binne no noch de oerbliuwsels fan de advertinsjes, mar smyt it noch wat op?

Dan de kontribúsje: dy is fansels omheech gien: fan 14 euro yn 2007 mei 3 tuskenstappen nei 20 euro yn 2022, (foar in pear: fan 23 nei 35 euro). Soe it mear of minder wêze as de inflaasje? Is de bôle ek oardelkear sa djoer wurden?

Dan de famyljeberjochten: yn dy 15 jier waard 4 kear in houliksjubileum fan 50 jier of mear neamd én ien geboarte-berjocht. Ja, we ha in tiidsje in hânfol jonge leden hân! No binne we oan it fergriizjen en dat sjogge we werom yn de sifers oer it ferstjerren: 17 yn de earste sân-en-in-heal jier, al 27 yn de twadde helte fan dizze 15 jier. Gelokkich sluten har ek hieltiten wer minsken oan by de krite; Ali hiet se altyd wolkom yn De Twirre. It wiene der 63 yn de earste helte, 44 yn de twadde helte fan dizze perioade. Wol in achterútgong, mar dochs in soad minsken en folle mear asdat der minsken ferstoarn binne. Blykber binne we dochs net by steat om de minsken fêst te hâlden, want by myn witten giet it ledetal fan de krite dochs stadichoan nei ûnderen. Spitich.

Yn De Twirre kamen fansels ek alle krite-aktiviteiten oan'e oarder. Ali hat dy allegearre al op in rychje set yn it juny '20 nûmer, doe't de krite 40 jier bestie. Twa dingen binne lykwols net slagge: in keatsklupke (ús jongerein ferhuze wer nei Fryslân) en in Fryskdamjen klupke (Kees en ik dogge it dus altyd noch mei ús twaen).

En dan de Fryske boeken dy't dochs hieltyd wer skreaun wurde. Yn de earste helte fan dizze 15 jier hat Ali 186 nije beskreaun, yn de twadde helte 141. Wol in achterút-gong, mar is it tagelyk ek net in soad foar sa'n lyts taalgebiet? Spiti-gernôch binne der op ús kritejûnen

gjin nije boeken mear te keap (te min omset), mar wol twaddehâns boeken en dy kin men ek liene as men net keapje wol.

Yn de koronatiid wie De Twirre in beaken fan fêstichheid. Oare krite-aktiviteiten leine in tiid stil, mar noch altyd deselde redaksje as 15 jier lyn, Ali Bonhof en Jelle van der Meulen, soarge 4 kear yn't jier foar ferdiveadaasje mei de fêste rubriken, sa as in resept, in gedicht, in âld ferhaaltsje fan Paulus Akkerman en in puzeltsje. En no sil ik foar dizze Twirre myn 51ste puzel meitsje en ek dy is wer te dreech foar de iene en te maklik foar de oare. □ Eeke de Boer



## Nijs út Fryslân

---

**Skilderij mei Abe Lenstra.** It skilderij dat Jeane Bieruma Oosting yn 1956 fan fuotballer Abe Lenstra makke hat is boppe wetter kaam. It krijt no in prominint plak yn in eksposysje oer Oosting fan Museum Belvédère op It Hearrenfean. It keunstwurk komt út de priveekolleksje fan de âldfoarsitter fan fuotbalklup Heracles yn Almelo. It ferdwûn nei 't hy it yn 2009 úтлиende. Op it doek is Lenstra te sjen yn it shirt fan SC Enschede, dêr't hy fan 1954 oant 1960 fuotballe. Jeanne waard berne yn Ljouwert en oant har njojggende wenne se oan de Wirdumerdyk, dêrnei yn oare parten fan Nederlân. Se hat ek jierren yn Parys trochbrocht. Se neamde harsels in *Friesçaise*. Dêrmei jout se oan, ik bin eins sawol Frysk as Frânsk. De eksposysje mei wurken fan Jeane Bieruma Oosting iepenet op 9 april yn Museum Belvédère. Jeane wie famylje fan de Bieruma Oostings dy't op "Oranjestein" wennen, ien fan de grutte bûtenhûzen yn Oranjewâld.

**Schylinger "preitsje".** Neist it rûzjen fan de see en in ferskaat oan talen, hearre je, as je goed oplette, de dialekten op Skylge. Nei it ferdwinen fan de boeren en de seelju, wurdt der lykwols hieltyd minder Schylingers praat. De eilanners prate mei mekoar Aasters, Midslânzers en Schylingers. Fan generaasje op generaasje binne dizze dialekten trochjûn. Eilanners komme sûnt koart by elkoar om yn it Schylingers te lêzen en te praten. Sa'n 60 minsken kamen op de twadde Schylinger praatjûn ôf yn de StayOkay op Skylge. De misken dy't by Wietse Zeijlemaker oan tafel sitte, lêze in stik "Sil en Aike en de polityk" lûdop foar. Wietse ferbetteret se as it nedich is. "It moat sangerich en dat dogge jim al, en de wurden oanelkoar plakke. Dêr moatte jim om tinke, mar dat komt fansels." It Schylingers is de memmetaal fan Wietse: "It is eigen!"

**Minister yn it Frysk.** Minister Bruins Slot fan Ynlânske Saken hat keamerfragen oer it brûken fan de Fryske taal yn de Twadde Keamer yn it Frysk beäntwurde. De fragen waarden steld troch Romke de Jong (D66) fan De Gordyk. De fraach gie oer de cv's (curriculum vitae) fan nije bewâldspersoanen by Algemiene Saken. Dy wurde yn it Dútsk, Frânsk en Ingelsk oerset, mar net yn it Frysk. De minister sei dat dat net wier is. It is oan it departemint sels om te bepalen oft in cv ek yn it Frysk of it Papiamintsk oerset wurdt. De minister fynt it fierder wichtich dat Friezen har útdrukke kinne yn har memmetaal. Dat betsjut neffens har dat it yn emosjonele sitewaasjes sinfol is om ynformaasje yn it Frysk oer te setten. □

## Mei dûmny op 'n paad

---

**In gelok by in ûngelok.** Dûmny rekke mei glêde diken mei de auto lyk ûnder Mantgum yn de sleat by in pleats. Aldergeloks koe er út himsels út 'e auto en op 'e wâl komme. De boer, dy't it seach, naam dûmny mei nei de skuorre. Dêr stie er, ûnder de blauwe modder en dweiltrochwiet.

“Och, wat sjogge jo der út,” sei de boer. Dûmny taaste ris oer syn smoar-ge plunje hinne en fielde yn 'e bûsen. Dêr helle er in pakje tabak út, tear-de dat iepen en sei doe: “*Gelukkig, de tabak is nog droog.*”

**Priisfraach.** As antwurd op in priisfraach wat it moaiste plakje fan it doarp wie, joech in man as antwurd: By myn frou op bêd. De jury fûn dat sa orizjineel, dat hy wûn dêrmei de priis. Hy doarde lykwols syn frou net it kreative antwurd te sizzen, dat hy sei: “Ik ha skreaun yn tsjerke.” De molkboer hie de oare moarns de measte wille. “Jo man hie de priis, lok-winske, jo kin grutsk wêze mei it antwurd!” “Ja,” sei de frou, “Ik begryp der neat fan dat er dat delskreaun hat. Earst moat ik hast altyd bidde en smeke om him mei te krijen en dan falt er meast fuortendaliks yn'e sliep en moat ik him mei pipermintsjes wekker hâlde.” □ Marten de Boer

## Limmeriks

---

Fan moarns al ier oant jûns noch let  
surft mannichien op 't ynternet,  
al mar sykjend om it nijste.  
Fan it omsjen nei de neiste,  
is langer helte mear ferlet.

Us Joldert-om mei graach in slokje,  
hâldt út en troch in ûngelokje,  
in krûkeltsje yn blik of bumper.  
Mar okkerdeis, o leave stumper,  
moast er blaze en wie er it bokje.



(advertinsje)



FRI  
ESM  
USE  
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

#### **iepeningstiden**

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

#### **besykadres**

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op [www.friesmuseum.nl](http://www.friesmuseum.nl).

## Musikal “De Tocht” mei in jier útsteld

---

Alvestêde muskikal *De Tocht* moat in jier útsteld wurde. Foar it stik moat spesjaal in teater boud wurde yn Ljouwert. Mar it hat bliken dien dat de grûn op dizze lokaasje fersmoarge is. De organisaasje fan De Tocht seit dat it in ferfelende ferrassing is, omdat der ferline jier noch in ferklearing fan “skjinne grûn” ôfjûn is nei boaiemûndersyk. It teater hie eins yn july klear wêze moatten, mar no moat de eigner fan de grûn earst oan it wurk. De premjêre stiet no op de planning foar 1 oktober 2023. Sa’t it no liket kin pas takom simmer begûn wurde mei de bou. Der binne al 20.000 kaarten ferkocht foar de musikal, de organisaasje wol dat netsjes oplosse. It is wol in tebeksetter, want der wurkje sa’n 80 minsken oan mei, wêrûnder in soad akteurs. Dy moatte alles wer omsmite om de musikal letter opfiere te kinnen. De organisaasje fynt it ek hiel sneu foar it publyk.

### Trije fan Sipke Veenstra

Sipke Veenstra (Garyp 1924 - Drachten 2002) wie Frysk dichter, skriuwer fan koarte ferhalen en muzykman. Hy skildere ek wat. Veenstra joech fjouwer dichtbondels út. Sipke boaske oan Siebrigje Bos. Twa bern, Jehannes en Hinke, binne ek de artistike kant opgien.

#### ***Hjoed***

*juster  
hat west  
moarn  
is ôfwachtsjen,  
mar hjoed  
hjoed is it de dei!*

#### ***Iere maitiid***

*as it iere maitiidsljocht  
skruten oer de fjilden tsjocht  
en it dûnkre wetter  
mei de beammeskaden tsoent  
dan komt alringen  
yn myn hert de spylman  
dy’t hoeden, mar beret  
in lichte snare poent.*

#### ***Maitiid***

*hoeden drage  
kleare kimen  
it wifkjend  
maitiidsljocht  
skruten eaggend  
oer fjild en gea  
en hiem,  
maitiid!*

# Resept

---

## Preitaart

*5 stikjes djppfries blêddaai; 1 kg prei; 50 gram bûter; 1 aai; 150 gram crême fraîche (soere rjemme); sâlt en piper.*

De stikjes blêddaai fan elkoar helje en ûntteie litte. In bytsje blom oer it oanrjocht struie, it blêddaai op inoar lizze, de daairôle ek bestowe mei blom en it blêddaai útrôle ta in lape dy't oan alle kanten 2 sintimeter grutter is as de springfoarm. De hurde griene blêden fan de prei ôfhelje en de prei skjinmeitsje ûnder de kâldwetterkraan. Yn siedend wetter eefkes tsien minuten de soad deroer gean litte (blansjearje). By lytse preikes is soks net nedich. De prei útsige litte en fynhakselje. In hoekje bûter rane en de prei dêr fiif minuten yn kleurje litte. It ûntteide en útrôle blêddaai yn in ynfette springfoarm fan 24 sintimeter trochsneed te plak lizze. In pear gatsjes yn de boaiem stekke mei in foarke. In aai losklopje mei wat crême fraîche, op smaak meitsje mei piper en sâlt. Prei oer de taartboaiem ferdiele en it rjemmeguod deroer jitte. Krekt langer as in heal oere yn in oven fan 225 gr. Lij of kâld ite.

□ Ut "De Nije Petiele" fan Wieke de Haan

## Tiden hawwe tiden

---

De wask droegje oan in line. Grutte dingen waarden oer in rak hongen om te droegjen. De bern boarten mei it rak, in kleed deroer en sa hienen se in tinte. Waskjen wie eartiids wol in drege saak. It waard mei de hân dien en omt der gjin wetterlieding wie, útspiele yn'e sleat. Op het stalt mei de hannen yn't kâlde wetter.





## Boekenijis

---

**Wet fan de eleminten**, Durk van der Ploeg. Twa manlju Sander en Sjierd, rinne oer it Waad nei in eilân; twa froulju Adel en Dora nimme de boat. Wylst de manlju wrakselje yn it slyk, wachtsje de froulju yn de dunen. Fan it begjin ôf is dúdlik dat Sjierd, baas fan in boubedriuw en tige mei himsels ynnommen, de oare man in leske learre wol. Hy fynt Sander in suertsje dy't net yn syn skaad stean kin.

*Priis: 18,95.*

**Linte Ruardi**, Klaas Rusticus. Hiel âlde minsken ornearje wolris dat it libben net mear as in dream west hat. Wat der op't lêst fan oer liket te bliuwen binne inkeld losse bylden, dy't ek nochris trochinoar rinne. Yn dizze roman soe men dêr it bewiis foar fine kinne. Der binne trije dielen, "Jong", "Healwei" en "Ald", mar dat ûnderskie makket net folle út. De wize wêrop Linte yn syn jeugd de wrâld om him hinne ûndergiet is suver neat feroare as er in tachtiger is.

*Priis: 20,00.*

**It neidiel fan'e twivel**, fan I.E. Bloem. Bas hat al it ien en oar meimakke as er nei Italië giet foar in útwikselingsprojekt fan skoalle. Hy hat it dêr prima nei 't sin en wurdt al gau fereale op de mysterieuze Julia. Mar dan grypt it coronafyrus om him hinne en de bûten-

lânske studinten moatte daliks op it fleantúch nei hûs. Mar kin Bas syn grutte leafde sa achter litte, krekt no't se har geheimen oan him ferteld hat? En hoe sit it mei syn eigen ferline? *Priis: 16,95.*

**As ik de toer mar sjoch, Aldeboarn yn 75 libbensferhalen**,

Bart Witteveen en Jannie van der Heide - Reijenga. Ferhalen fan Boarnsters oer de leafde en har djippe fertriet, oer hoe't it wie op skoalle, hokker fiten se úthellen en hoe 't se karriêre makken. Mar ek wêr't se sa'n spyt fan hiene. Oer it belibjen fan nei tsjerke gean en oer de wille fan it gondel bouwen. Dit boek lit langstme fiele nei it doarp. As je ien kear yn in lyts doarp wenne ha, dan bliuwe jo ferbûn, dat giet nea wer oer. *Priis: 24,90.*

**De stem van het water**, Hylke Speerstra. Ferhalen fan en oer skippers fan eartiids, dy't earder alris ferskynd binne yn kranten, boeken en tydskriften. No opnij bondele. Nederlânsk talich. *Priis: 24,90.*

**De Hichte Beklimme Wy**, Amanda Gorman. Fryske fertaling fan *The Hill We Climb*, it gedicht dat troch Gorman foardroegen waard by de ynhuldiging fan de Amerikaanse presidint Joe Biden. De Fryske fertaling is fan Friduwih Riemersma en Michelle Samba. *Priis: 10,00.*

□ Ali

## Witte jo dat .....

---

- It mailadres fan de redaksje sûnt foarige simmer feroare is? It is no lj.bonnhof@gmail.com In pear minsken ha har dêr al mei fersind.
- jo de kontribúsje noch belje kinne, yn it gefal dat jo dat noch fergetten hiene. Graach net te lang wachtsje!
- it grutte byld fan André Hazes (as legopop), dat op De Dam yn Amsterdam stiet, 12 dagen útfanhûze hat by de âldjiersploech De Geitefok út Aldeberkeap?
- de âldjiersploech Vesuvius út Elslø in grut reklame-boerd fan Plegt-Vos (de Slimme Huizenfabriek) oan de N36 in skoftsje “liend” hat, omdat se yn Elslø ek graach wenningen foar de jongerein ha wolle?
- it yn Frjentsjer slagge is de stêd 2 nachten hielendal tsjuster te meitsjen? Dit wie foar it meitsjen fan in film en om de minsken sjen te litten hoe’t ljochtfersmoarging ús de skjintme fan de stjerrehimmel ûntfytmandet.
- Dronryp syn “Mona Lisa” yn hannen hâldt? De Mona Lisa is de grutte kowekop dy’t fanôf it begjin yn 1891 fan suvelfabryk De Volharding oant de sluting yn 2021 ta oan de gevel hongen hat.
- Om dizze tiid de saneamde “Stinzeplanten” wer yn bloei steane? Dat binne planten út oare streken, dy’t eartiids oanplante waarden yn de tunen en parken fan grutte adelike wentes dy’t yn Fryslân states of stinzen neamd waarden. Faak bin it bolgewaaksen.
- Dat Age Veldboom op 16 jannewaris 2004 alris by ús west hat op de jiergearkomste yn it boarterstúngbou? Mei syn programma “Fan frachtferfier oant folksferfier”.
- Wy op 9 septimber 2008 mei it kritereiske yn it Skûtsjemuseum yn Earnewâld west ha? We kamen dêr mei de rûnfearboat fanút Grou.
- Fan hokker plak der in foto op’e efterkant fan dizze Twirre stiet? De foarige kear stie dêr in foto fan de seedyk by it âlde fiskersdoarpke Wierum. Op’e tsjerketoer fan Wierum blinkt in “gouden” skipke.



# fryske winkel

boek kado cd idee  
skiednis taal kultuer  
poëzij printeboek roman  
dvd kreamkado keunst  
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070  
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk  
tichtby

**afûk**

## *Echte Bakker Wouda Hengelo*

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda  
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58  
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09  
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

